

PIETER DUIJFF

*Der dy namma
fan heten is*

It komôf fan plaknammen

BORNMEER

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan:

Boersma-Adema Stichting
Douwe Kalma Stifting
Feitsma Fûns – Fûûns fwar it Frysk
Fryske Akademy
Provinsje Fryslân
Stifting Frysk Akademyfûns



FA-nr. 1135

© 2022 Pieter Duijff | útjouwerij Bornmeer

Foarmjouwing: Barbara Jonkers
Printwurk: Wilco, Amersfoort

ISBN 978 90 5615 994 8
NUR 524

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder dat dêr skriftlike tastimming oan foarôf giet fan útjouwerij Bornmeer, postbus 234, 8400 AE De Gordyk, Nederlân – info@bornmeer.nl.

Bornmeer is in ymprint fan
20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

www.bornmeer.nl

Foar ús Willem en Wytske

Ynhâldsopjefte

Wurd foarôf — 15

Ynlieding — 17

Register fan plak- en gemeentenammen yn Fryslân — 426

Damwâld — 23

Wynjewâld — 24

Broeksterwâld — 25

Easterwâlde — 26

Feanwâlden — 27

Wâldsein — 28

De Westereen — 29

Easterein — 30

Aasterein — 31

Mûnein — 32

Warfstermûne — 33

Bitgum en Bitgummole — 34

Munnikebuorren — 35

Muntsjesyl — 36

Skiermûntseach — 37

Feankleaster — 38

Gerkeskleaster — 39

Kleaster-Lidlum — 40

Aldtsjerk — 41

Oentsjerk — 42

Gytsjerk — 43

Readtsjerk — 44

Ryptsjerk — 45

Tytsjerk — 46

Easternijtsjerk — 47

Tsjerkwert — 48

Tsjerkgaast — 49

Gaast — 50

Rotstergaast — 51

De Gaastmar — 52

Westergeast — 53

Rinsumageast — 54

Aldegea — 55

Nyegea — 56

Ousternijegea — 57

Bantegea — 58

Dunegea — 59

Follegea — 60

Jistergea — 61

Goaiïngea — 62

Stynsgea — 63

Wergea — 64

Minnertsgea — 65
Jobbegea — 66
Makkingea — 67
Loaiïngea — 68
Abbegea — 69
Wolvegea — 70
Parregea — 71
West-Skylge — 72
Midslân — 73
Hee — 74
Kaard — 75
Baaidunen — 76
Kinum — 77
Stryp — 78
Landerum — 79
Hoarne — 80
Formearum — 81
Lys — 82
East-Flylân — 83
Hollum en Hallum — 84
Ballum — 85
Nes — 86
Bueren — 87
Sleat — 88
Hylpen — 89
Starum — 90
Drylts — 91
Warkum — 92
Boalsert — 93
Dokkum — 94
Frjentsjer — 95
Harns — 96

Snits — 97
Ljouwert — 98
Kollum — 99
Ferwert — 100
Bûtenpost — 101
It Hearrenfean — 102
Sint Anne — 103
Wommels — 104
Burgum — 105
Stiens — 106
Menaam — 107
Drachten — 108
De Jouwer en
 De Lytse Jouwer — 109
Beetstersweach — 110
Hoarnstersweach — 111
Sniksweach — 112
Boarnsweach — 113
Kollumersweach — 114
Sweagerbosk — 115
Langsweagen — 116
Langedike — 117
De Langelille — 118
Langwar — 119
Koartehimmen — 120
Westhim — 121
Easthim — 122
Droegeham — 123
Lytsewâld — 124
Lytsewierrum — 125
Ingwierrum — 126
Easterwierrum — 127

Easterbierrum — 128
Pitersbierrum — 129
Seisbierrum — 130
Iens — 131
Sânhuizen — 132
Sânfurd — 133
Breesândyk — 134
Koarnwert en
 Koarnwertersân — 135
De Feanhoop — 136
Bakkefean — 137
Surhuzum en
 It Surhústerfean — 138
Surch — 139
Suwâld — 140
Sumar — 141
Waskemar — 142
Legemar — 143
Hegebeintum — 144
Heech — 145
De Houtigehage — 146
Warstiens — 147
Snakkerbuorren — 148
Lekkum — 149
Miedum — 150
Wyns — 151
Tichelwurk — 152
Bartlehiem — 153
Tergrêft — 154
Burdaard — 155
Jannum — 156
Sibrandahûs — 157
Raard en Raerd — 158
Eastrum — 159
Ie — 160
Dokkumer Nije Silen — 161
Iezumasyl — 162
De Skâns — 163
Eanjum — 164
Peazens — 165
Moddergat — 166
Wierum — 167
Ternaard — 168
Holwert — 169
Blije — 170
Marrum — 171
Aldebiltsyl — 172
Swarte Haan — 173
De Westhoek — 174
Koehoal — 175
Winaam — 176
Mullum — 177
Kimswert — 178
Makkum — 179
Skuzum — 180
Piaam — 181
Molkwar — 182
Skarl — 183
Laaksum — 184
Murns — 185
Alde- en Nijemardum — 186
De Lemmer — 187
Slikenboarch — 188
Spangea — 189

Blesdike — 190
De Blesse — 191
Pepergea — 192
Steggerda — 193
Finkegea — 194
Noardwâlde — 195
Easterstreek — 196
Boyl — 197
Elslo — 198
Appelskea — 199
Ravenswâld — 200
De Haule en Haulerwyk — 201
Sigerswâld — 202
Fryske Peallen — 203
Drachtsterkompenije — 204
Boelensloane — 205
Strobos — 206
Boerum — 207
Kollumerpomp — 208
Aldwâld — 209
De Trieme — 210
Ljussens — 211
Moarre — 212
Mitselwier — 213
Nijewier — 214
Jouswier — 215
Wetsens — 216
Ealsum — 217
Hantum, Hantumhuzen,
 Hantumerútbuorren en
 Hantumerhoeke — 218
Boarnwert — 219
Foudgum — 220
Waaksens — 221
Brantgum — 222
Lichtaard — 223
Reitsum — 224
Ginum — 225
Jislum — 226
Wânswert — 227
Wâlterswâld — 228
Driezum — 229
De Falom — 230
Twizel en Twizelerheide — 231
Koatstertille — 232
De Harkema — 233
Noardburgum — 234
Garyp — 235
Hurdegaryp — 236
Jistrum — 237
Eastermar — 238
Earnewâld — 239
De Rottefalle — 240
De Tike — 241
De Pein — 242
De Wylgen — 243
Smelle Ie — 244
Goaiïngahuzen — 245
Boarnburgum — 246
Oerterp — 247
Olterterp — 248
Nij Beets — 249
De Tynje — 250
De Himrik — 251

Lippenhuzen — 252
De Gordyk — 253
Terwispel — 254
Lúkswâld — 255
Jonkerslân — 256
Akkrum — 257
Aldeboarn — 258
Terbant — 259
Gersleat — 260
Tsjalbert — 261
Haskerdiken — 262
Nijbrêge — 263
Lúnbert — 264
De Knipe — 265
Bontebok — 266
Ald- en Nijhoarne — 267
Oranjewâld — 268
Ketlik — 269
Ald- en Nijskoat — 270
Mildaam — 271
Donkerbroek — 272
De Fochtel — 273
Alde- en Nijeberkeap — 274
De Hoeve — 275
Teridzert — 276
Alde- en Nijholtpea — 277
Alde- en Nijholtwâlde — 278
Ald- en Nijlemmer — 279
Alde- en Nijetrine — 280
Sonnegea — 281
Skerpenseel — 282
Warten — 283
Eagum — 284
Idaerd — 285
Reduzum — 286
Friens — 287
Grou — 288
Dearsum — 289
Jirnsum — 290
Tersoal — 291
Poppenwier — 292
Sibrandabuorren — 293
Terherne — 294
Nijhuzum — 295
It Heidenskip — 296
Koudum — 297
Himmelum — 298
Warns — 299
Eastersee — 300
Ychten en Ychtenbrêge — 301
Dolsterhuzen — 302
Arum — 303
Lollum — 304
Penjum — 305
Wytmarsum — 306
Burchwert — 307
Hichtum — 308
Hartwert — 309
Skettens — 310
Skraard — 311
Wûns — 312
Longerhou — 313
Eksmoarre — 314
Allingawier — 315

Dedzjum — 316
Ferwâlde — 317
Hieslum — 318
Wjelsryp — 319
Baaium — 320
Húns — 321
Leons — 322
Hilaard — 323
Jellum — 324
Bears — 325
Weidum — 326
Jorwert — 327
Baard — 328
Winsum — 329
Spannum — 330
Easterlittens — 331
Mantgum — 332
Wiuwert — 333
Britswert — 334
Hinnaard — 335
Kûbaard — 336
Itens — 337
Rien — 338
Boazum — 339
Hidaard — 340
Reahûs — 341
Blauhûs — 342
Terkaple — 343
Goaiïngaryp — 344
Eagmaryp — 345
Vegelinsoard — 346
De Broek — 347

Alde- en Nijehaske — 348
Haskerhoarne — 349
Skarsterbrêge — 350
Yndyk — 351
Diken — 352
Teroele — 353
Sint Nyk — 354
Sint Jânsgea — 355
Aldeouwer — 356
Ousterhaule — 357
Rottum — 358
Rotsterhaule — 359
Jiskenhuzen — 360
Reahel — 361
Gau — 362
Goutum en
 Skearnegoutum — 363
Turns en Tears — 364
Nijlân — 365
Wolsum — 366
Greonterp — 367
Idzegea — 368
Ypekolsgea — 369
Koufurderrige — 370
De Hommerts — 371
Jutryp — 372
Twellengea — 373
Toppenhuzen — 374
Folsgeare — 375
Tsjalhuzum — 376
Smelbrêge — 377
Offenwier — 378

Ysbrechtum — 379
Achlum — 380
Hitsum — 381
Tsjom — 382
Tsjummearum — 383
Hjerbeam — 384
Sweins — 385
Peins — 386
Skalsum — 387
Doanjum — 388
Boer — 389
Rie — 390
Furdgum — 391
Ealahuzen — 392
Sondel — 393
Rûgehuzen — 394
Riis — 395
Bakhuzen — 396
Kolderwâlde — 397
Balk — 398
Wikel — 399
Harich — 400
Boksum — 401
Blessum — 402
Deinum — 403
Marsum — 404
Ingelum — 405
Berltsum — 406
Wier — 407
Slappeterp — 408
Skingen — 409
Dronryp — 410
Alde Leie — 411
Hijum — 412
Feinsum — 413
Britsum — 414
Koarnjum — 415
Jelsum — 416
Himpens — 417
Swichum — 418
Wurdum — 419
Wytgaard — 420
Sint Jabik — 421
Froubuorren — 422
Nij Altena — 423
Alde- en Nijebilt dyk — 424

Wurd foarôf

Nee, lang net altiten wie it mooglik om álles te witten te kommen oer in plaknamme. Mar dat wurdt de lêzer dan meidielend yn sa'n prachtich geef stikje Frysk dat der altiten wat te learen en te genietsjen is. 'Der is wakker oer it wurd skreaun en wreaun', lêze wy dan bygelyks, 'mar dat hat dochs net de klearrichheid oer de relaasje mei allegearre nammen opsmiten dy't men wol hawwe woe.'

En dan giet sa'n stikje wer fierder, mei dochs noch in hiel soad ynformaasje oer it plak dêr't it om giet. Losse stikjes en brokjes oer oarsprong en feroaringen, mei details út âlde argyfstikken út de fjirtjinde, trettjinde, somtiden sels tebek oant de tolfde iuw, mei ferbannen en ferklearringen.

Ein maaie 2015 feroare de sneonsbylage fan it *Friesch Dagblad* fan *Sneins Petiele* nei *Wykein*, mei in frisse jas en in nije ynhâld, en yn it earste nûmer sette Pieter Duijff útein mei syn prachtige rubryk *Plaknammen*: alle wiken in doarp of stêd yn Fryslân en dan hop, yn in lyts stikje sa folle mooglik fertelle oer dy namme en de skiednis derfan.

Wy sille sjen, tochten wy, in jier soe al hiel moai wêze. Mar Pieter hie de smaak te pakken. 'It wurdt wat fan in ferslaving', mailde er de redaksje op in stuit. En troch de koroana 'hat men troch it thússitten fansels mear rûmte.' Dat de redaksje koe ynkoarten wol wer in 'nustje' of in 'kavel' temjitte sjen – de foarried groeide en groeide.

En dêrmei groeide stadichoan it idee foar in boek. Mei troch fans ûnder de lêzers dy't der om fregen. Dan wie der wer 'in telefoantsje fan ien út De Gaastmar: hy wol syn frou in boek mei de plaknamme stikjes op 'e jierdei jaan, yn juny. Oft ik dat regelje koe. Nee dus.' Spitich! Mar, as men hieltyd sokke fragen krijt, dan moat men der wat mei.

Sa, no is dit prachtige boek mei juwieltsjes fan nammeportretten der. En no sjocht men yn ien eachopslach allegearre fariaasjes, ferskillen en ferbannen. Tusken 'Britsum' en 'Britswert', tusken 'Turns' en 'Tearns'. Plaknammen dy't begjinne mei 'tsjerk' en einigje op 'tsjerk'.

Plaknammen dy't einigje op 'gaast', 'gea' of 'ga', op 'him' of 'ham'. En dan al dy nammen op 'wâld' en 'um'! De ein liket der fan wei. In útddaging om tusken al dy 'ums' ferbannen te lizzen en yn de stikjes dêroer genôch te fariearjen 'sûnder al te bot faker itselde te sizzen'.

Dat is mear as slagge. Pieter begûn yn 2015 yn de krante mei de namme 'Damwâld', yn 1971 ûntstien út de earste letters fan de Hollânsktalige plaknammen 'Dantumawoude', 'Akkerwoude' en 'Murmerwoude'. Nammen fan doarpen dy't troch de iuwen hinne oaninoar groeid wienen. Dat binne lang om let 402 stikjes wurden mei 430 plaknammen. In útsûnderlik lange, rike rige, dêr't de krantelêzers jierren fan genietsjekinnen hawwe. In boek mear as wurdich.

Ria Kraa, haadredakteur *Friesch Dagblad*

Ynlieding

Woansdei 24 novimber 1971 is in dei yn de loftfeartskiednis wurden om net wer te ferjitten. Yn in Boeing 727 fan Northwest Airlines joech in Dan Cooper, alteast ûnder dy namme hie er syn fleankaartsje keape, in stewardess in briefke mei dêrop it boadskip dat er twahûnderttûzen dollar en fjouwer parasjuten hawwe woe. As er se net krige, dan soe er de fleanmasine opblaze. By in tuskenlâning krige er wat er hawwe woe en liet er de passazjiers en in part fan de bemanning frij. De reis gie fierder en boppe de steat Washington weage er de sprong. Oant it jier 2016 hat de Amerikaanske oerheid om de man socht, mear as tûzen fertochten hawwe der west en der is in ferskaat oan boeken oer de legindaryske kaping ferskynd. Cooper is nea fûn. It sit yn de minske om saken ophelderje te wollen, om dingen witte te wollen. De kapingsaksje fan Dan Cooper lit pynlik sjen dat no ien kear net alles ta in útdragen saak brocht wurde kin. Mei it ferklearjen fan nammen yn it algemien en plaknammen yn it bysûnder is it net oars.

Yn myn bernejierren haw ik in soad omtoarke op it Geastmer Fjild, de greidekrite west fan Rinsumageast. Oan de súdkant dêrfan op Tuskenlannen hie ús heit in pear stikken lân yn gebrûk tsjin it yn myn eagen fan doe tige brede wetter mei de namme ‘De Gewei’ oan. Op skrift hie ik de namme fansels nea stean sjoen, ik koe him út de mûnlinge tradysje wei. Wêrom’t it wetter nei de ‘hoarnen’ fan in hart neamd wie, wist ik net. Ik seach ek gjin relaasje tusken de foarm fan it wetter en de foarm fan de fertûking op de bistekop. Ferskillende kearen haw ik doe frege wêrom’t it wetter hiet sa’t it hiet. Elk dy’t de krite koe, hie de namme paraat, mar mei in ferklearring kaam nimmen fierder. Folle en folle letter bin ik der wol efter kaam. De útlis krijt yn dit boek rynsk omtinken.

Ik bin bang, mar in lyts part fan de pleatslike befolking ken de namme fan dat wetter langer, want der stiet net in buordsje by en hoefolle minsken hâlde noch yn it fjild ta? Tagelyk mei in soad fjildnammen ferdwine nammen fan minder tagonklike wettergongen no ien kear samar út it libbene gebrûk. Mei plaknammen is dat oars. Dy steane fakentiids wol op buordsjes, yn Fryslân hiel faak sels dûbeldop,

en binne ûnmisber as ferwizing nei plakken dêr't minsken berne wurde, dwaande binne en by einsluten weireitsje. Sa't plaknammen der hjoed-de-dei út sjogge en op de buordsjes steane, hawwe se der meastentiids net altyd útsjoen. De ferskiningsfoarm fan de nammen leit likemin foar de kommende ivichheid fêst. Yn Fryslân kin der noch altyd tsierd wurde oer wol of net in x yn de skriuwoarm of wol of net in moderne Fryske namme op it plaknammeboerd.

Plaknammen sit in soad byt oan en nammen roppe tagelyk in soad fragen op. Dêrom sil de redaksje fan de wykeinbylage fan it *Friesch Dagblad* my yn 2015 frege hawwe om alle wiken in plaknammerubryk foar de krante te fersoargjen. Ik haw net lang boarge en myn meiwurking jûn. Sûnt 1992 wurkje ik by de Fryske Akademy as ûnder mear gearstaller fan Fryske wurdboeken. By al de wurdboeken en wurdlisten dêr't ik oan meiwurkje mocht, hienen wy it prinsipe dat wy (plak)nammen net as yngong opnamen, behalven as der taaleigen mei sa'n namme is. Mei de rubryk yn de krante krige ik no krekt de kâns om de wurden dy't wy plaknammen neame net systematysk oer te slaan. Geandewei it ferskinen fan de stikjes krige ik gauris de fraach fan trouwe lêzers om de ynformaasje oer de plaknammen yn in boek te bondeljen. Meidat de ein fan de rubryk yn de maitiid fan 2023 in feit wêze sil, like it my no in gaadlik momint ta om it boek mei al de goed fjouwerhûndert stikjes al fêst ferskine te litten. Guon fan de stikjes hawwe hielendal oer de kop west en al de oaren binne hjir en dêr oanpast wat de ynhâld of de redaksje oanbelanget.

By it behanneljen fan de plaknammen haw ik der bewust foar keazen om sa goed as allinnich mar de nammen fan de alve stêden en alle offisjele doarpen yn Fryslân op te nimmen. Ik realisearje my hiel goed dat dy kar te beheind west hat, want der is in macht oan buorskippen mei nammen dêr't minstens like folle fan te sizzen falt. Mar, men moat in fêst plak yn in krante ek wer ris in kear oan in oar ôfstean. Yn dit boek haw ik nei lang berie besletten om de folchoarder fan ferskinen yn de krante oan te hâlden.

By it skriuwen fan de stikjes haw ik twa soarten fan lêzers foar eagen hân. Yn it foarste plak binne der guont dy't trou jier op jier alle

wiken folgje woenen wat yn it fêste bestek fan rûchwei trijehûndert wurden te sizzen wie. Foar harren haw ik der op ien of oare wize in trochrinnend ferhaal fan makke. Sa bin ik nei in mear as tafallige start mei de namme ‘Damwâld’ fan ein gien en fuortdaliks dêrnei folgje nammen dy’t it elemint ‘wâld’ ek hawwe. In oar trochrinnend ferhaal is fan Ljouwert ôf by de paradyslike Dokkumer Ie del oan de Lauwersmar ta. En dy tocht giet troch by de hoep en de swetten fan Fryslân del oan nochris de Lauwersmar ta. Op dy beide reizen, it koe net oars, hawwe nammen fan buorskippen in eigenstannich plakje krige. Neidat mei dy wurkwize rûnom yn Fryslân doarpsnammen harren gerak krige hienen, haw ik dien wurk makke troch ús provinsje bydel te gean neffens de gemeentlike yndieling sa as dy oant 1984 op de kaart ynkleure wie. Wa’t dit boek fan begjin oant ein lêst, sil deselde reis meitsje as de krantlêzer tusken 2015 en 2023.

In krante hat ek ynsidintele lêzers en ik haw besocht om harren te geriven mei in koart ferhaal. Dat betsjut wol, dat guon saken faker as ien kear weromkomme moasten. In hiel soad plaknammen hawwe as útgong ‘um’. De ferklearringen dêrfan moast ik wol faker taljochtsje as de trouwe lêzer ferlet fan hat. De eftergrûn fan ‘wert’ komt sadwaande ek faker foar. Slim liket my dat net te wêzen, want hoe faak haw ik yn de lange praktyk fan it ûnderwiis net fan learlingen en studinten de fraach hân ‘wolst it nochris útlizze?’ Mei de krêft fan werheljen bliuwe dingen no ien kear makliker hingjen.

Meastentiids wurdt yn ien stikje ien plaknamme neier besjoen, mar it komt ek foar dat ik mear as ien tagelyk behannelje. Trije stikjes oer de namme ‘Nes’ like my by myn opset net gaadlik ta. De plaknammepearen ‘Alde-’ – ‘Nije-’ haw ik ek om deselde reden byinoar holden. Yn alle stikjes stiet de ferklearring fan de plaknamme sintraal. Dêrneist haw ik mei in koarte skets op ien of oare wize in byld fan de nammedrager jûn. Underdiel fan dat ferhaal is alle kearen de namme fan de gemeente dêr’t de delsetting ûnder falt. Om in byld fan de omfang te jaan, jou ik per plak it rûge tal ynwenners.

In minskelibben is te koart om ferklearringen fan alle plaknammen boppe wetter te krijen. Aldergelokst is troch de jierren hinne troch in grut ferskaat oan saakkundigen wurke oan in ymposante biblioteek mei

boeken en artikels oer plaknammen. Fan dy samling haw ik tankber gebrûk makke. De opset fan de stikjes, en likemin fan dit boek, lient him derfoar om by alle ynformaasje dy't ik neam in boarne te jaan. Ik haw in rike fariaasje fan nammekundige stúdzjes, skiedkundige publikaasjes, topografyske boarnen, tekstútjeften en online ynformaasje om my hinne hân by it skriuwen. Op dit plak wol ik al in beheind tal ûnmisbere boarnen neame. Yn it foarste plak is dat Watse T. Beetstra syn oersjoch fan publikaasjes oer Fryske plaknammen. Ik haw dy *Toponimen en toponimyske eleminten yn Fryslân. In analytyske bibliografy ca. 1835-1980* fan 1987 sa faak rieplachte, dat by it ôfsluten fan it lêste stikje mei de titel 'Alde- en Nijebiltdyk' der fan dat boek oars neat mear oer wie as in steapel los papier. Der binne ek twa deeglike leksikons oer Fryske plaknammen ferskynd. Yn it foarste plak is dat Karel F. Gildemacher syn *Friese plaatsnamen. Alle steden, dorpen en gehuchten út 2007*. Yn 2017 ferskynde Gerald van Berkel syn beheinder, mar likegoed weardefolle *Friese plaatsnamen verklaard*. Syn ynformaasje is aldergelokst ek te finen op www.etymologiebank.nl. Tusken 1949 en 1969 is ûnder de flagge fan de Fryske Akademy in pracht fan in fyftjindielige rige mei de titel *Fryske Plaknammen* ferskynd. Op in tige sobere wize hawwe de publikaasjes fan it Nammekundich Wurkferbân it ljocht sjoen, mar de ynhâld is in grutte rykdom. As men oer Fryske plaknammen skriuwt, dan kin men net om midsiuwske Fryske teksten hinne. Ut de twadde helte fan de midsiuwen komme nammentlik in hiel soad âldste oerleveringen fan plaknammen. De saneamde Aldfryske oarkonden, in grut part fan wat yn de midsiuwen yn Westerlauwersk Fryslân yn it Frysk ferskynd is, binne yn fiif sammeldielen ferskynd. De earste trije binne yn 1927, 1933 en 1941 ûnder de titel *Oudfriesche Oorkonden* fan de hân fan Pieter Sipma besoarge, de lêste twa fan Oebele Vries mei de justjes oanpaste titel *Oudfriesche Oorkonden* yn 1977 en 2016. De lêste trije bannen binne útjûn mei nammerregisters. De saneamde *Snitser Recesboeken 1490-1517* mei alle gearre rjochtshannelingen binne yn 1960 troch Meinte Oosterhout útjûn. Yn 1964 hat er dy publikaasje oanfolle mei in mansk nammerregister. Mei de taaldatabank fan de Fryske Akademy binne dy midsiuwske tekstútjeften digitaal troch te sykjen. As lêste wol ik hjir noch *De Beneficialboeken van Friesland* fan 1543 neame. P.L.G. van der Meer en J.A. Mol hawwe yn 2013 de tekst op 'e nij útjûn yn in papieren en in digitale edysje. Yn